

**Verslag van de openbare vergadering van de raad van de gemeente Franekeradeel op donderdag 4 juli 2013 om 20.00 uur in het Gemeentehuis aan de Harlingerweg 18 te Franeker.**

**Voorzitter:** F. Veenstra

**Griffier:** D. Kloosterman

**Aanwezig:** M. de Bok, S. Cnossen, B. van Dijk, J. Dijkstra, S. de Haan, F. van der Hauw (o/m punt 8), D. Kamstra, T. Lap, B. Ouderkerken, K. Rodenburg, W. Spoelhof, K. Stelma, L. Terpstra, T. Veenstra, T. Wijkhuijs. **Afwezig:** T. Corporaal, B. Goeman Borgesius, H. Hof, C. de Pee.

**Aanwezig namens het college van burgemeester en wethouders:**

J. Bekkema, D. Osinga-Bonnema, T. Twerda en H. de Jong.

**1. Opening en vaststelling agenda**

De **voorzitter** opent de vergadering en heet iedereen van harte welkom. Er hebben zich voor deze vergadering twee insprekers gemeld: de heer De Cock, voorzitter Dorpsbelang Oosterbierum, bij punt 9 en de heer Van den Burg bij punt 10. Zij komen bij de betreffende agendapunten aan het woord.

De hear **Ouderkerken** wol derfoar pleitsje om punt 9 oer it ynrjochtingsplan Frjentsjer-Harns fan de wurklist ôf te heljen en te ferskownen nei septimber. Yn de Steaten fan Fryslân binne fragen steld oer it kontrakt dat jûn foarleit en dan benammen de fêststellingsoerienkomst Frisia Sâlt BV. Dêryn stiet dat Frisia Sâlt ús twa miljoen betellet foar de maatskiplike plus, mar dizze bydrage wurdt allinnich jûn wannear't de gemeente Frjentsjerteradiel ree is de skeafergoeding te freegjen oan Frisia Sâlt. Dat wol sizze gjin skeafergoeding te freegjen foar skea dy't mooglik noch feroarsake wurde kin troch de sâltboarring. As de rieden fan Frjentsjer en Harns hjir net yn tastimme, dan tekenet Frisia Sâlt de oerienkomst net. It is ûndúdlik hoe lang't de boarring yn de Waadsee duorje sil en oft der eventuele skea op it lân plakfine sil. Hy wol foarstelle om it beantwurdzjen fan de fragen yn de Steaten ôf te wachtsjen. Ek yn Harns is men pas yn septimber oan dit punt ta.

De **foarsitter** freget de ferantwurdlik wethâlder om dêr koart op te reagearjen, dan kin de rie dêrnei in oarderdebat ha oer it fersyk fan de hear Ouderkerken.

Wethâlder **Twerda** seit dat dit foarstel yn Harns yntusken op de wurklist west hat by de perspektyfnota. De rie fan Harns hat yn romme mearderheid hjirmei ynstimd. DS hat dermei ynstimd en dizze dagen stamt ek it DB fan it wetterskip hjirmei yn. Frjentsjerteradiel is de lêste partij dy't hjirmei ynstimme sil. Dan kinne de wurksumheden útfierd wurde. De rie hat al yn 2010 mei dizze plannen ynstimd. Op basis fan de ferwachte boaiemdelgong wurde maatregels nommen op it mēd fan wetterbehearsking, lânbou en brêgen. Ofpraat is dat as de ferwachte boaiemdelgong mei 5 sintimeter oerskrieden wurdt, dan stiet Frisia derfoar dat de plannen oanpast wurde. De boeren sitte al lang te wachtsjen op herstel fan de skea. De plannen yn de Waadsee stean los fan it gebietsplan.

De **voorzitter** vraagt of iemand het woord wil voeren over het ordevoorstel van GroenLinks.

De heer **De Bok** merkt op dat het antwoord van het college van GS al in de krant gestaan heeft. De wethouder zegt dat Harlingen er al over besloten heeft. GroenLinks heeft ingestemd met alle plannen met betrekking tot dit gebiedsproces. Het enige waar GroenLinks een probleem mee kan hebben is de intentie in artikel 10.3 dat overheden zich zullen inspannen binnen hun bevoegdheden en verantwoordelijkheden om de door Frisia gewenste transitie mogelijk te maken. Hij kan daar geen chantage in lezen en hij wil graag een opheldering van GroenLinks. De spreker is van mening dat we zo spoedig mogelijk de 48 miljoen moeten investeren in het gebied.

De hear **Cnossen** freget him ek ôf wat it doel is fan dizze aksje fan GrienLinks. Al fan 2008 ôf is der frege om de maatskiplike plus. GrienLinks hat mei de plannen ynstimd. De boeren sitte te wachtsjen op skeafergoeding. Je moatte ek fertrouwen ha yn de minsken, seit er.

De hear **Dijkstra** kin him foarstelle dat GrienLinks noch in tal fragen hat by it stik. Hy freget him ôf wat we dermei úthelje as we it punt ústelle oant septimber. De fraksje sit net te wachtsjen op

ústsel en wol graach gau oan 'e gong yn it gebiet, behalve as oanjûn wurde kin dat wy jûn in grutte fout begean.

De hear **Spoelhof** merkt op dat de doarpen aan de noardkant fan de gemeente fertutearze binne. It gebietsplan opkeare en ústelle liket him gjin goede saak. Hy fynt dat we sa gau mooglik oan 'e gong moatte yn it gebiet.

De hear **Ouderkerken** seit dat GrienLinks dûdlikheid krije wol oer it punt sa't it yn de stikken fan Harns stiet: 'Geen kwijting, geen overeenkomst'. Betsjut dat as je de twa miljoen krigen ha je hielendal gjin rjocht mear ha om eventueel noch in kear te protestearjen omdat je fêstbûn binne oan in kontrakt? Hoe lang duorret it boarjen? Dat kin wol oant 2030 duorje. Yn Hjerbeam sakket de boaiem mear as men tocht hie. Soenen der fan de Waadsee ôf gefolgen wêze kinne nei it fêste lân?

De **foarsitter** merkt op dat we no in oarderdebat ha. De hear Ouderkerken kin aanst by it punt ynhâldlik op it foarstel yngean.

De hear **Ouderkerken** seit dat er de arguminten dy't neamd binne wjerlizze wol.

De heer **De Bok** merkt op dat de heer Ouderkerken ook tegen kan stemmen.

De **voorzitter** zegt dat de heer Ouderkerken het volste recht heeft een ordevoorstel in te dienen en dat te verdedigen.

De hear **Ouderkerken** begrypt de yrritaasje fan de hear De Bok net. It boarjen kin wol oant 2030 duorje, mar dan ha je gjin rjocht mear om te protestearjen. GrienLinks wol dit punt net fuortskowe, mar yn de simmermoannen bart der dochs neat mear.

De hear **Cnossen** merkt op dat it om it tal sintimeters boaiemdelgong giet en net om it tiidspaad. Frisia hat de mooglikheid om te boarjen oant 30 sintimeter. As se dêr oerhinne komme binne se bûten har fergunning en dan prate we wer op 'e nij. It is in marzje fan plus of min fiif. Sâlt en gas kinne je net ferlykje. Yn Barradiel I sakket it net fierder.

De hear **Dijkstra** wol it punt fannejûn behannelje. Hy wol no graach stimme oer it oarderfoarstel.

De **foarsitter** bringt it oarderfoarstel yn stemming. Der wordt by hânopstekken stimd. It oarderfoarstel wordt fersmiten mei ien stim foar (*GL*) en fjirtjin stimmen tsjin.

De wurklist wordt mei achtslaan op it boppesteande fêststeld.

## 2. Het vaststellen van het verslag van de vergadering van 4 juli 2013

Tekstueel:

- Side 2, de hear **Ouderkerken** merkt op dat by syn bydrage by punt 5 stiet: 'De hear Ouderkerken freget him ôf wat der ta laat hat dat it entûsjasme *fan fjouwer gien* gewoan fuortgien is.' Dit moat wêze: *fan fjouwer jier lyn*.
- Side 1, de hear **Dijkstra** jout oan dat by syn bydrage by punt 2 stiet: 'De hear Dijkstra merkt op by punt 8 oer de Kanaalsône dat de FNP in histoaryske en ferantwurde *stasjonsbrêge* ha wol.' Dit kloppet wol, mar hy bedoelde yn dit gefal de *Easterpoartsbrêge*, de brêge dy't op it plak fan de daam komt.

It ferslach wordt mei achtslaan op it boppesteande fêststeld.

## 3. Ingekomen stukken en mededelingen

Deze worden voor kennisgeving aangenomen.

### I. Gemeenschappelijke Regelingen voor wensen en bedenkingen

## 4. Toekomstschaats Dienst SoZaWe NW-Fryslân

Frou **Terpstra** jout oan dat Gemeentebelang him op haadlinen fine kin yn de fisyl fan de tsjinst. It doel fan de fraksje is ien gemeente mei ien ôfdieling sosjale saken, oanstjoerd troch ien rie. Oanstjoering troch meardere rieden fertraget de beslútfoarming en ek snelle bystjoering. De tsjinst en wy moatte ús beriede op de takomst. Wy moatte ynsprylje op de feroarjende omstannichheden. Ferwerderadiel wol der út mei yngong fan 2014, Ljouwerteradiel sil opgean yn Ljouwert en Harns wol selsstannich bliuwe. We wurkje al jierren gear mei de Harnzers, mar der binne grinzen oan gearwurking. De Middelseegemeenten witte dêr alles fan. Foar ús is it tiid om de lapen gear te smiten en ús ree te meitsjen foar de takomst. Dat Harnzers net mei Frjentsjerters gear wolle docht har sear. Identiteiten bliuwe dochs gewoan besteian. Se hopet net dat Harnzers no alles ôfwize dat

mei Frjentsjerters te krijen hat. It Bilt en Menameradiel ha ek de fúzje nedich. Der komt in soad op ús ôf, organisatoarysk en finansjeel. De earste greep út de algemiene útkearing hat Plasterk al dien om ús te tingen ta fúzje. It Ryk giet hjirmei troch. Gemeentebelang stiet achter de fisy fan de tsjinst om mei yngong fan 1 jannewaris 2016 wer in gemeentlike ôfdieling te wurden fan in grutte gemeente yn Noardwest-Fryslân.

De fraksje hopen dat in selsstannich Harns krekt as Flylân en Skylge har amtlike útfierende wurksumheden troch dizze ôfdieling dwaan lit, tsjin betelling. It iennichste ferskil is dat sy it belied sels meitsje moatte. By de útfiering fan de partisipaasjewet komt aanst in ekstra gemeente of partner oan de ûnderhannelingstafel rûn it warkbedriuw Empatec. We moatte ek om it personiel fan de tsjinst tinke. Der is al genôch warkleazens yn de regio. Se tinkt dat dit wol wer ris yn de rie komt.

De hear **Van der Hauw** merkt op dat dizze takomstfisy dûdlik sjen lit dat der in goed gehalte oan realiteitssin yn sit. Dêr is de PvdA bliid mei. Der wordt goed sjoen nei de takomst en de weryndieling. De fraksje is tefreden oer dizze takomstssets.

De hear **Dijkstra** merkt op dat de gemeente dy't we no foar eagen ha te lyts is om selsstannich in sosjale tsjinst oerein te hâlden. Dat soe betsjuutte kinne dat we de gemeenten om ús hinne hiel bot nedich ha om miskien tsjinsten ôf te nimmen. Yn dy sin kin er him net sa bot fine yn it pleit fan vrou Terpstra. De FNP-fraksje nimt de fisy op dit momint foar kundskip oan.

De hear **Spoelhof** merkt op dat de VVD dit in positive aksje fynt fan de sosjale tsjinst om no mei in foarset te kommen oangeande de nije organisaasje. Dit is fansels in tuskenrapportaazje, omdat de wurksumheden allegear noch net bekend binne. De weryndieling fan de gemeenten yn dizze regio sil in sterke stimpel drukke op de fierdere takomst fan de sosjale tsjinst. Hy tinkt dat wichtich is dat de direksje de tsjinst goed oanstoert. Hy hopen dat der gau dûdlikens komt oer it pakket wark foar de tsjinst.

De hear **Ouderkerken** kin him oanslute by de wurden fan de FNP. Is ús wierskynlike nije gemeente grut genôch om in kwalitatyf goede sosjale tsjinst op te setten, of wordt der socht nei gearwurking mei bygelyks Ljouwert?

De heer **Stelma** geeft aan dat ChristenUnie blij is met dit document. Het geeft veel informatie over waar de dienst staat in het ontwikkelingsproces. In het verleden was de raad vaak in het ongewisse over de visie bij de dienst. Hij is benieuwd of dit een vervolg gaat krijgen. Wordt de raad bijgehouden in deze visieontwikkeling? Zoals het er nu voor staat met de fusieprocessen zonder Harlingen lijkt het hem onwenselijk om de dienst terzijde te schuiven en voor onszelf te gaan beginnen, aangezien we dan een veel kleiner apparaat zullen hebben dan de dienst nu is. De vraag is of we dat in de lucht kunnen houden met dezelfde efficiëntie als de dienst ons biedt.

De heer **Lap** vindt dat dit een van de betere stukken is die van de dienst SoZaWe komt van de laatste tijd. Het is een duidelijk bewijs dat de zichtbare invloed die er uit gaat van ons besluit om tot een nieuwe gemeente te komen ook invloed heeft op de denkwijze van de sociale dienst. Hij kan de reactie van GroenLinks en FNP ook begrijpen, gezien hun reactie vorige week op de nieuwe situatie die ontstaan is door de verkiezingen in Harlingen. Hij denkt dat het heel goed is dat we een wellicht wat kleinere en iets duurdere sociale dienst krijgen, waar de gemeenteraad veel meer zeggenschap, inzicht en controle over heeft. De dienst zal in de komende tijd nog meer uitkeringen moeten hanteren. Hij denkt dat met de uitgebreidere werkzaamheden en verantwoordelijkheden die op ons af komen vanuit Den Haag het heel belangrijk is dat zelfs in een wat kleinere grote gemeente met een iets duurdere sociale dienst we veel meer kunnen bereiken.

Wethouder **Osinga** vindt het goed om te horen dat de raad tevreden is over het stuk en dat er ook blijkt dat er een frisse wind door de dienst heen waait. De dienst is vorig jaar september geclashed. We hebben er een paar maanden voor nodig gehad om het weer op de rails te krijgen. In januari zijn we begonnen met het thema: Een herindeling heeft gevlogen voor de dienst. Transities hebben ook gevlogen voor de dienst. Er moet een lean en mean organisatie neergezet worden die zo goed mogelijk de taken die op ons afkomen gaan uitvoeren. Voorzichtige berekeningen zeggen dat het totale sociale domein straks iets meer dan de helft van de begroting gaat uitmaken. Er is een toekomstvisie opgesteld in de eerste maanden van het jaar. Deze wordt aan alle acht raden voorgelegd. De acht reacties zijn na de zomer allemaal terug. Dan gaat het bestuur verder praten en komt er weer een nieuw stuk. Als er weer een volgend stuk is wat het waard is om naar de raad te gaan, dan komt dat hier weer. Het heeft realiteitszin, sommige dingen zijn wel te voorspellen,

zoals het uittreden van Ferwerderadiel per 2014, maar het zou ook 2015 kunnen zijn. Hoe de transities uitpakken is wat onzekerder. Wat je van de ABWZ wel of niet onderbrengt bij de dienst heeft gevolgen voor hoe je een dienst aankleedt. Je kunt nu nog niet zeggen of de nieuwe gemeente groot genoeg zal zijn. Als je wel weet hoe de nieuwe dienst eruit komt te zien, dan is het maar net hoe je deze inpast in de nieuwe organisatie. De raad krijgt hier dus nog vervolg op. De **voorzitter** constateert dat de raad voldoende kennisgenomen heeft van dit punt.

## 5. **MAD: rekening 2012**

De hear **De Haan** merkt op dat oanjûn wurd yn it stik dat der in oerskrieding is. Ut de sifers doch blikken dat dat in 50% is. De kosten rinne behoarlik op. Hoe kinne we dit yn de toekomst foarkomme?

Wethâlder **Osinga** seit dat we dit punt al earder oan 'e oarder hân ha. Je kinne net alle dingen yn it libben foarsizze. In oerskrieding liket negatyf nijs, mar miskien is it just wol goed nijs. Fan oanfragen fan grutte bedriuwen foar útwreiding komt in hiele searje wurk achterwei wat wy fan te foaren net witte.

De hear **De Haan** merkt op dat dat net in ton hoecht te kostjen.

Wethâlder **Osinga** seit dat we hir nei alle gedachten foarsichtich begrutte ha en dat we dat rommer dwaan moatte.

De hear **De Haan** bedoelt dat der reëel begrutte wurde moat.

Wethâlder **Osinga** seit dat it kolleezje ferline wike in foarset jûn hat om de 20.000 euro derby te rûzen. It kolleezje wol graach dat der boud en ferboud wurd.

De hear **De Haan** seit dat in ton ekstra better yn de Beraps ensfh. kin, sadat de rie it op 'e tiid wit en de begrutting noch bystelle kin.

Wethâlder **Osinga** jout oan dat it kolleezje it ferline jier melden hat dat der in oerskrieding oan siet te kommen. Dat is yn de foarige Beraps meinommen.

De hear **De Haan** kin him dat herinnerje, mar net dizze bedragen.

Wethâlder **Osinga** jout oan dat se begin fan it jier oprûn binne.

De **foarsitter** konstateert dat de rie foldwaande kundskip nommen hat fan dit punt.

## 6. **Brandweer Noordwest-Fryslân: Jaarrekening 2012**

De **voorzitter** constateert dat de raad voldoende kennisgenomen heeft van dit punt.

## 7. **Hûs en Hiem: Jaarrekening 2012**

De heer **Rodenburg** merkt op dat we hebben kunnen lezen dat deze welstandscommissie onder vuur ligt, ook vanwege de financiën. Het college heeft de opmerking gemaakt dat de stukken nu onvoldoende zijn om in de gemeenteraad en het algemeen bestuur te bespreken. Er ontbreekt een analyse van de huidige situatie. De extra kosten komen bij de burgers en bedrijven terecht die een bouwaanvraag doen. Er zijn veel onzekere factoren. Op 14 juni is een vergadering geweest en hij wil graag van de wethouder weten of ze nu iets beter op de hoogte zijn.

De heer **De Bok** kan zich daarbij aansluiten.

De hear **De Haan** merkt op dat der sprake is fan ferlies fan in ton, wylst der in lyts oerskot ferwachte waard. Is de accountantsferklearring der al en sa net, wêrom noch net? Hoe kin it barre dat der in ton ferlies is? Der is al earder oanjûn dat it tal oanfragen by Hûs en Hiem ôfnimme sil. Je soene ferwachtsje dat der maatregels nommen wurde om de organisaasje ôf te slanken, mar dat bart net. Yn 2012 sjogge we sels dat it tal FTE's mei 0,1 tanamt. Hat it bestjoer hir gjin stjoer op of binne der oare oarsaken?

De hear **Spoelhof** krijt út it stik en de taheakken de yndruk dat Hûs en Hiem dochs oan it wrakseljen is mei de werklikheid en dat men net op 'e tiid bystjoert. De VVD-fraksje hat al earder oanjûn net lokkich te wêzen mei dizze ynstânsje. De fraksje fynt dat Hûs en Hiem te fertraagjend wurket foar de belanghawwers. We sjogge no mar wer dat it djoer is en der is in soad drokte foar nedich. Hy hat kontakt socht mei de gemeente Boekel, dy't gjin gebrûk mear makket fan in wolstânskommisje. Men hat dêr in wolstânsfrij gebiet en it bestemmingsplan en it boubeslút binne de bepalende saken. As it om in monumint giet dan is der in lanlike wetjouwing dy't dat mei

bepaalt. It rint hiel goed en der binne gjin klachten yn de gemeente. Hy wol graach dat it kolleezje him deryn ferdjippet oft wy it ek op dy manier dwaan kinne.

Wethâlder **Twerda** merkt op dat ferline jier by it fêststellen fan dizze begrutting yn it AB it byld sa wie dat it der net goed útseach. Doe hat it bestjoer de mooglikheden ferkend om benammen de kosten te ferminderjen en aan de oare kant de baten te ferheegjen. De wrakseling wie benammen om de kosten te ferleegjen troch minsken op wachtjild te setten. Dan komme je ta de ûntdekking dat in oantal minsken oer in x tal jierren mei pinsjoen gean en dat betsjut dat je oant it pinsjoen it wachtjild betelje. Dat betsjut dat je minsken nei hûs ta stjoere dy't gjin wurk dogge, mar wol yn de kosten sitte. Dat wie op dat momint gjin oplossing. Der is ek sjoen om arsjitekten by oare wurkjouwers ûnder te bringen. Dat is no mei de boukrisis ek gjin oplossing, no't arsjitekteburo's leechrinne. De iennichste opsje wie noch om de baten te ferheegjen. Dat wie aan de iene kant lestich omdat benammen de bou weromrûn.

Doe is it foar in part socht yn ferheging fan de leezjes, mar benammen is doe oppere om de gemeenten sels mear opdrachten aan Hûs en Hiem te jaan, bygelyks it meitsjen fan de wolstânsnota. Dat is net slagge, der is net folle ekstra wurk bykommen en de krisis is noch grutter wurden. Dat betsjut dat de opbringsten fan de leezjes dy't ferwachte waarden noch minder wielen. Dat is de ferklearring fan de ton en dat fine we ek werom yn dizze jierrekken. Yn juny hat der in AB-gearkomste west. Doe hat de wethâlder sein dat dit net langer sa kin en dat der no echt yngrepen wurde moat. De jierrekken koe net oars as fêststeld wurde. De jierrekken fan 2014 woe it AB net nei de rieden tastjoere, mar in oanpaste begrutting oer 2014. It DB pakt dat op. Yn septimber is in ekstra AB-gearkomste dêr't benammen de ûntwikkelings fan 2013 en de begrutting fan 2014 fêststeld wurde moatte. Dy is rjochte op in slutende begrutting foar 2014. Yn dizze gearkomste is de fraach ek aan de oarder west fan wol of gjin wolstân. Eins wie de hiele gearkomste fan miening dat men wolstân wol fan belang achtet. Dan is der noch de gedachte oft gemeenten sels in protte dwaan kinne. Der wurde no wat mear mooglikheden jûn troch de wetjouwer om sels dingen te dwaan yn plak fan Hûs en Hiem. Dat helpt Hûs en Hiem lykwols net. Gemeenten wiene wol fan miening dat wy hechtsje oan in ûnôfhinklike en saakkundige wolstânsadvisearring en ek om dat mienskiplik yn Fryslân te dwaan. De fraach is wol oft Hûs en Hiem noch wol selsstannich bliuwe kin yn de takomst. Der ha in tal farianten op tafel west. Moat it ûnderdiel fan de FUMO wurde? Deroer wiene de gefoelens mingd. Der ha ek gedachten west om oan te sluten by de wolstânsadvisearring fan Grins en Drinte en ek gedachten om mei steunpunt Monumintesoarch wat te dwaan. It deistich bestjoer komt dêr aanst yn septimber op werom. Dy sille ek in takomstfisy sketse foar de wolstânsadvisearring, wol mienskiplik. De service foar gemeenten rint ek werom, behalve as we it fine yn de tariven. It hat it AB ek fernuvere dat de accountantsferklearring der noch net wie. Dy soe binnen fjirtjin dagen komme, mar de wethâlder hat dy noch net sjoen.

De hear **De Haan** freget oft der wat oan 'e hân is.

Wethâlder **Twerda** seit dat de jierrekken goedkard is. Der komt noch in goedkarrende accountantsferklearring. Hy tinkt dat it goed is om even te ynformearjen wannear't dat is.

De hear **De Haan** wol der graach oer ynformearre wurde. Hy wol noch witte hoe't it kin dat de omfang fan it personiel mei 0,1 tanaam is.

Wethâlder **Twerda** seit dat der soms bysûndere wurksumheden binne dy't troch spesjalisearre minsken dien wurde moatte. 0,1 is net safolle.

De hear **De Haan** seit dat je sizze soene dat it ôfnimt, omdat der minder wurk is.

Wethâlder **Twerda** seit dat offloeiing net oan 'e oarder is, omdat je de minsken dochs trochbetelje moatte.

De hear **De Haan** nimt oan dat der yn de takomst better yngrepen wurdert.

Wethâlder **Twerda** jout oan dat der yngrepen wurdert.

De **voorzitter** geeft de raad gelegenheid voor de tweede termijn.

De heer **Rodenburg** schrikt een beetje van het antwoord. De wethouder zegt dat we de baten kunnen verhogen, maar dat is het laatste wat we willen in deze tijd. Bovendien als je architecten aan het werk wilt houden als er geen werk voor is, dan lijkt een wachtgeldregeling hem toch beter. Hij zou toch overwegen om onderzoek te doen naar het voorstel van de VVD. Hûs en Hiem lijkt toch een ongezonde organisatie te worden, als hij de argumenten hoort en het remt alleen maar af.

De heer **Stelma** sluit zich aan bij de woorden van de heer Rodenburg. Hij was er vanuit gegaan dat er al een accountantsverklaring was. ChristenUnie kan deze jaarrekening 2012 niet voor kennisgeving aannemen, omdat de accountantsverklaring er niet bij zit.

Wethâlder **Twerda** seit dat de bedoeling wie fan Hûs en Hiem omdat der te min wurk op it mêd fan wolstân wie om oare dingen foar de gemeenten te dwaan dêr't gemeenten gewoanwei foar betelje moasten. Dat wie de ynstek fan de ekstra baten. Dêr hienen de oanfragers fan in boufergunning gjin lêst fan.

De heer **Rodenburg** vraagt of dat wel eerlijke aanbesteding is.

Wethâlder **Twerda** seit dat in gemeente altyd wurk útbesteegje mei oan in organisaasje dêr't se sels yn dielnimme.

De heer **Rodenburg** neemt aan dat Hûs en Hiem dan de voorkeur heeft. Iemand anders heeft dan geen kans.

Wethâlder **Twerda** merkt op dat de gemeente eigner is fan Hûs en Hiem. As je earne eigner fan binne meie je der ek wurk oan jaan. It bestjoer hie wol in tal minsken ôffloeië litte kinnen, mar hie sjoen de wachttijlderplichtings dêr wol de rekken foar kriegen.

Oer wolstânsfrij kinne je fan miening ferskille. As je Hûs en Hiem opheffe betsjut dat dat al dy gemeenten foar de totale likwidaasje fan Hûs en Hiem stean.

De **voorzitter** stelt voor bij handopsteken te stemmen over het voorstel. De jaarrekening 2012 wordt voor kennisgeving aangenomen met twaalf stemmen voor (*GB, PvdA, D66, CDA, FNP*) en drie stemmen tegen (*VVD, CU, GL*).

## II. Besluiten om voor kennisgeving aan te nemen

### 8. **De Berap I 2013**

De hear **Crossen** merkt op dat op side 13 stiet dat yn de twadde helte fan 2013 besjoen wurdt oft der in oanpassing fan it GVVP nedich is of pas letter. Mei it each op alle saken dy't der op it spul stean, benammen de Edisonstrjitte en de oerstek by it Filosofepaad, fynt de fraksje it net mear as logysk dat dy oanpassing wol bart. Der is al in pear kear tasein dat de akwisysje oangeande Waadglês út ein sette soe. Hjir stiet dat it yn 2013 opstart wurde sil. Hy giet derfan út dat dat al oan 'e gong is.

De hear **De Haan** merkt op dat de ynhâldlike taljochting by dizze Berap meastentiids ûntbrekt of hiel koart gearfette is. Ek it neamen fan persintaazjes as doelen, mar dêrnei net mjitte fan dizze doelen, hat neffens de FNP-fraksje net folle sin om te neamen. In foarbyld op it mêd fan oerskriedings is de legere ynkomenstn út leezjes. It giet om in bedrach fan 232.000 euro. Yn de taljochting stiet dat der legere baten binne út leezjes fanwege minder fergunnings. Dêr moatte we it mei dwaan. It docht blikken dat wy by de begrutting fan 2012 in bedrach opnamen fan 232.500 euro. Yn de begrutting 2013 stiet in bedrach fan 482.500 euro. Ferwachten we doe in hiele protte mear ynkomenstn? Elk koe witte dat it tal oanfragen folle leger wêze soe. Wat foar maatregels nimme we dan foar de ôfdieling? We meie oannimme dat it tal bestege oeren fan de ôfdieling behoarlik leger wêze sil en dat dêrtroch de personnelsformaasje oanpast wurde kin. De ynformaasje oer de grutte projekten is koart, mar wol dûdlik en ek ferstannich. De fraksje hat der wol in tal fragen oer. Is der al ynformaasje te jaan oer de ôfhanneling fan it skeel oer de rûnwei? Kin der fierder oanjûn wurde oft der ek noch oanpassings komme yn it kontrakt oer de oankeap fan Kie 2? En hoe stiet it mei de oerdraacht fan de grûn út Sûd? Dy moat uterlik ein fan dit jier plakfine. Is der al sicht op wannear't dat barre sil?

De hear **Spoelhof** freget him ôf oft wy oan 'e gong binne mei dûblueres. De Berap hat allinnich as útgongspunt om ôfwikings te sinjalearjen. Wannear is it in ôfwiking? Foar de behanneling fan bepaalde ûnderwerpen ha we dochs in termynaginda. Dêr wurdt ek op 'e tiid op korrizjeare as it spul net op 'e tiid klear wêze kin. Wat dat oangiet binne we goed op de hichte. Hy freget him ôf oft it doelmanjittiger kin. Fierder is de VVD-fraksje bliid mei dit dokumint.

Frou **Terpstra** merkt op dat de ynformaasje dûdlik is, mar de fraksje hat noch wat fragen en opmerkings. By program 6 stiet dat der no dochs in nije situaasje ûntstien is by de Koornbeurs no't de direkteur mei yngong fan 1 septimber fuortgiet. Gemeentebelang fynt dat hiel spitich. Hy hat in soad goeds brocht yn Frjentsjer. It is lykwols ek wer in kâns foar de stifting om de organisaasje en de beskikbere middels fan de Koornbeurs op 'e nij te besjen en har belied oan te

passen. Dan oer de hegere himmel- en ûnderhâldskosten fan de Trije. De fraksje freget him ôf oft dat fan te foaren wol goed trochrekkene is. Miskien kin Empatec ris by it himmeljen helpe. De fraksje trûnt der op oan om te besjen oft der by de Trije ek gebrûk makke wurde kin fan duorsume enerzjy, bygelyks ierdwaarmte. Dan program 8, folkssûnens en miljeu. We ha alwer mear foardiel op de ôffalferwurking, no likernôch twa euro de oanslutting. De fraksje is benijd wêr't it kolleeze mei komt foar 2014, want de heffing moat no dochs wol in pear tientsjes minder wêze. We ha no ek krekt lêze kinnen dat it taryf fan Omrin behoarlik nei ûnderen giet yn 2014. Dan program 9, romtlike oardering en folkshûsfesting. De fraksje kin him oanslute by de fraach fan de hear De Haan dêrby. De fraksje fynt dat foarearst net fierder gien wurde moat as faze 1 fan Waadglês. Dat is no noch te oersjen. As wy ús mooglik ynsette foar de tunnel nei de Alvestêdewyk, dan moat de CV Frjentsjer-Súd ek ekstra syn bêst dwaan om fan Frjentsjer Bûten in súkses te meitsjen. Sy betelje ek mei. Gemeentebelang is benijd nei de oanpaste plannen fan Frjentsjer Bûten. Wanneer krije we dy yn de riedskommisje? It is in lestich projekt en de fraksje fynt mei it kolleeze dat by planoanpassing de risiko's by de merkpartijen bliuwe moatte. De fraksje fynt it spitich dat by Kie 1 de grûnferkeap net trochgongen is yn 2012 en is benijd oft der ek in reële belangstelling is yn 2013. Foar Kie 2 ha we sparre. Gemeentebelang hat deroer deselde fraach as de FNP. De fraksje is hiel bliid mei de ûntwikkelingsfisy foar Tsjummearum.

Gemeentebelang hat in soad respekt foar it aksjekomitee Nij Bethanië, dat op sa'n treflike wize aksje fierd hat foar it behâld fan de soarch.

Wethâlder **Twerda** seit dat by de bedragen fan opbringsten út leezjes de 232.500 euro fan 2012 dy't neamid is it bedrach is nei begruttingswiziging. Dat jildt ek foar it bedrach fan 2013. We ha dizze baten noch altyd yn de begrutting. Hy wit net oft we dat takom jier ek noch op dizze manier dwaan moatte. It is faak ôfhinklik fan in tal grutte wurken. De bou-aktiviteiten binne yn dizze en oare gemeenten behoarlik weromrûn. It fergunningfrij bouwen is oan de oare kant tanommen. Miskien hiene we dochs wat foarsichtiger wêze moatten mei it rûzen fan de baten, seit de wethâlder. De bestege oeren rinne werom. Alle tydlike minsken dy't mei bouwen te krijen ha binne fuort. De fakatueres dy't der binne wurde net opfolle. En it bart wol dat minsken dy't op de ôfdieling wurkje útbestege wurde oan oaren. Op dy manier wurdt besocht om de ôffallende bouleezjes te kompensearjen. By Kie is it kolleeze op dit momint yn petear mei twa ûndernimmers. By Kie 2 is it kolleeze noch altyd yn petear mei de agrariër. De partijen naderje inoar wol, mar de wethâlder wit net oft se derút komme. It fuortgean fan de direkteur fan de Koornbeurs wie foar it kolleeze ek in ferrassing. Hy makket in ôfspraak nei de fakânsje mei it bestjoer fan de Koornbeurs om te praten oer de heine takomst. Yntusken hat er op fersyk fan de rie ek in ynformeel petear hân mei de Harmonie yn Ljouwert. It docht bliken dat yntinsiver himmele wurde moat yn de hal fan de Trije. In suggestje is om te sjen nei Empatec. It is in ynsidintele begruttingswiziging en net struktureel, want we moatte besykje om binnen de begrutting te kommen. We ha ôfspraat om aanst mei de hal miskien de bedriuwsfiering de doar út te dwaan. Miskien moatte we ek nei duorsume enerzjy sjen, mar faaks is dat ek wat foar de nije eksplorant dy't dêr kwa ynvestearring wat mei docht, mar ek kwa eksplotaasje in foardiel fan hat. By Waadglês is it kolleeze yn petear mei in túnker. Men naderet inoar hieltyd mear en de wethâlder hopet dat yn 2014 de grûn ferkocht wurdt.

Wethâlder **Bekkema** seit dat we ferline wike by de fêststelling fan de maitydsnota it beslút naam ha om it GVVP te feroarjen. It knipepunt Edisonstrjitte is dêryn opnaam. Hy tinkt dat it Filosofepaad al nei de simmerfakânsje oanpakt wurdt. Ek de Thomas de Grootstrjitte is yn de prioriteitelist opnaam. It skeel oer de rûnwei is koartlyn yn it kolleeze bepraat. Der is úteinlik wite reek kaam. It bedrach is wat lytser as oarspronklik frege waard. Uteinlik is útkaam op twa ton dat it advokatekantoar betellet as kosten. De hear De Haan hat gelyk dat de grûn fan Súd oan de ein fan it jier oernaam wurde moatte soe troch de Frjentsjer-Súd CV. Der ha in oantal amtlike oerlizzien west, it lêste hat dizze wike west. Oan de hân fan dat oerlis wurdt der meikoarten in notysje skreaun rjochting kolleeze. Sadree't it kolleeze in stânpunt ynnaam hat komt it kolleeze werom nei de rie. In punt dat dêryn besprutsen is is in nije manier fan projektbegelieding. Yn it kontrakt dat we op dit momint ha mei de Frjentsjer-Súd CV lizze alle risiko's by de merkpartijen. Sy wolle hiel graach dat oaren ek risiko drage en dêr wurdt no oer praten. De rie wurdt sa mooglik deroer ynformearre. Ien punt dat meispileit is it fallissemint fan Van der Werf. It is noch net dûdlik wat dat eksakt foar gefolgen hat foar de Frjentsjer-Súd CV. Frou Terpstra makket in opmerking

oer de acht ton dy't tasein is troch de Frjentsjer-Súd CV foar de bydrage oan de rûnwei. Dêr wurdت op dit momint ek oer praat. Sy wolle dat keppelje oan it tal huzen dat der komt yn Súd, wylst de ôfspraak wie dat dat keppele wurde soe oan it tal fjouwerkante meters. Dat is ek ûnderwerp fan petear en dêr wurdت de rie ek oer ynformearre. De Frjentsjer-Súd CV draacht ek by oan de tunnel. Frou **Terpstra** wol de wethâlder meijaan dat se op persoanlike titel tsjin it oerdragen fan it behear fan de Koornbeurs bliwt, mar dat se foar it mienskiplik ynkeapjen fan programma's is.

Wethâlder **Twerda** jout oan dat dat ek oan de oarder west hat yn it petear.

De **voorzitter** constateert dat de Berap I voor kennisgeving aangenomen wordt.

### III. Onderwerpen ter besluitvorming

#### 9. Inrichtingsplan Franekeradeel-Harlingen, wensen en bedenkingen met betrekking tot inrichtingsplan en kredietverstreking

Inspreker de heer De Cock

De heer **De Cock**, voorzitter van Dorpsbelang Oosterbierum/Klooster-Lidum, spreekt ook in namens Dorpsbelang Tzummarum/Firdgum. De dorpen hebben te maken met ernstige negatieve gevolgen van de zout- en gaswinning. In het plan staan twee stukjes met een opdracht. Het ene is: Maak een plan voor de verbetering van de landbouwstructuur, waardoor goed op schaalvergrotting geanticiereerd wordt gericht op verkaveling, ontsluiting en verkeersveiligheid.

De tweede opdracht is: Maak een plan voor verbetering van recreatie, natuur en landschap, cultuurhistorie, leefbaarheid en bevordering van het gebruik van duurzame energie. Over de strijd tussen die twee punten vraagt hij de aandacht van de raad. In het inrichtingsplan staat dat de Ottemaleane tussen Oosterbierum en Sexbierum en de Kapellewei tussen Oosterbierum en Tzummarum verbreed zouden moeten worden om de agrarische bedrijven aan de noordkant te kunnen ontsluiten. De Muontsewei, Kapellewei, Kleaster-Lidum duidt op een rijke historie.

Tamelijk wat ondernemers zijn aan het kijken of we dat historische Waddengebied met een terpenlandschap een meerwaarde kunnen geven en of dat voor toeristen aantrekkelijker gemaakt kan worden. Een plan dat is genoemd in het stuk is om die twee landelijke weggetjes te verbreden. Het gaat om de provinciale weg N393 naar de Hoarnestreek. De verbreding zou moeten gaan over een meter of vier en dat is nogal wat. Dorpsbelang vraagt de raad om nog eens goed te bekijken of dat zo moet. Volgens DB is de verbreding buiten de proprietes die die streek verdient en aan kan en moet je dat niet doen. Ten tweede denkt DB dat de verkeersveiligheid met die verbreding niet is gediend. DB denkt dat de landweggetjes zo snelwegen worden. De verbreding met vier meter ziet DB als een gebrek aan creativiteit. Op de Oudebildtdijk heb je een smalle landweg en af en toe uitwijkstroken. Toen hij jaren geleden naar de streek kwam vond hij dat één van de charmes. Dat zou in dit plan ook goed kunnen. Los van die punten vraagt DB de raad om ook eens na te denken over wat ze sowieso in het buitengebied aan de noordkant toestaat. Is het wel wijs om agrarische activiteiten met een industrieel karakter daar te plaatsen? Hij heeft het over bio-industrie of grote mestvergisters. Als er dat soort plannen zijn voor de toekomst kun je die dan niet beter op een industrieterrein plaatsen? De voorliggende plannen moeten uitgewerkt worden. DB Oosterbierum is op een voorlichtingsmiddag geweest en heeft daar een kaart gezien met extra watergangen en bredere sloten etc. Daar heeft DB het idee neergelegd om in Oosterbierum de recreatie te stimuleren. Er is een oude fiskersfeart die de vissers van Oosterbierum naar de zee bracht en die is dichtgeslibt. Als je plannen maakt ga dan met de dorpen in gesprek op allerlei gebied om te kijken dat je historische elementen of wensen die in de dorpen leven kunt combineren met de plannen die gemaakt worden. Hij vraagt de raad om er rekening mee te houden dat de plannenmakers en ontwikkelaars ook in de dorpen terecht komen om met de dorpsbelangen te overleggen hoe je dat zo optimaal mogelijk kunt inrichten.

De hear **Dijkstra** merkt op dat de hear De Cock stelt dat de dyk te breed wurdت. It fernuveret him ek dat dat fjouwer meter breder wurde moat. Fynt de hear De Cock dat doarpsbelang genôch belutsen is by it meitsjen fan de plannen oant no ta?

De heer **De Cock** geeft aan dat hij in het verleden wel twijfels gehad heeft of dat voldoende was. Er ligt een plan op tafel dat een aantal kansen aan de streek geeft. Daar is Dorpsbelang blij mee. We zijn nu halverwege en een aantal dingen moeten uitgewerkt worden. Dan denkt hij: ga naar Tzummarum, ga naar Sexbierum, naar Oosterbierum en betrek de bewoners bij het detailleren van

de plannen. Over een kippenmesterij hoort hij in Oosterbierum en Tzummarum flink wat negatieve geluiden. Die had daar niet moeten komen. DB Oosterbierum probeert de historische waarden in het gebied terug te krijgen.

De hear **Dijkstra** merkt op dat de hear De Cock it punt fan de skaalfergrutting sketst en it punt fan wat we yn eare hâlde wolle. It wurdت meinommen yn de diskusje.

De heer **Kamstra** merkt op dat dit plan al lang aan de orde is. Nu vindt de besluitvorming plaats. In 2010 hebben we ook over dit gebiedsplan gesproken. Heeft DB toen ook al deze bedenkingen naar voren gebracht? Heeft DB gebruik gemaakt van de inspraak?

De heer **De Cock** geeft aan dat hij nog maar recent in Dorpsbelang zit. Het lijkt hem een wijs besluit om draagvlak te creëren en daarvoor ook bij de dorpen te rade te gaan. We praten over een prachtig Waddengebied en een terpenlandschap en daar wordt ook subsidie voor aangevraagd. Het lijkt hem niet wijs landschappelijke kwaliteiten in het gebied te vergooien.

De **voorzitter** dankt de heer De Cock voor zijn inbreng. Hij geeft nu de raad de gelegenheid voor de eerste termijn.

De heer **Kamstra** geeft aan dat dit punt al sinds 2007 op de agenda staat. Normaal gesproken als er 46 of 48 miljoen geïnvesteerd wordt, zou je daar heel blij mee zijn. Het is niet zo dat Gemeentebelang er niet blij mee is, maar het is wel grotendeels het herstellen van de schade die is ontstaan door zout- en gaswinning. Als het geld beschikbaar komt ga je ook kijken hoe je dat toekomstbestendig kan inzetten. Je bent nooit klaar ideeën daarover te implementeren.

Gemeentebelang is van mening dat er grotendeels tevredenheid is binnen het gebied over hoe het een en ander ingevuld gaat worden.

Het is zeker geen omkoping wat er is geschied vanwege de maatschappelijke plus die Frisia aan ons betaalt. Boren onder het Wad staat hier los van. Zou daar in de toekomst mogelijk schade door ontstaan, dan rekent hij erop dat die schade ook op een dergelijke wijze wordt vergoed. We gaan als gemeente drie miljoen bijdragen, waarbij we ook al resultaten in verschillende dorpen hebben gezien. Rest ons nog 1,6 miljoen euro vanavond te accorderen. Gemeentebelang is daartoe bereid en vindt dat we aan de slag moeten met het herstel van dit gebied. In punt 4, de kanttekeningen, wordt gesproken over risico's met betrekking tot de btw. Daar zou hij graag een inschatting van willen horen. Hij wil ook graag een inschatting van de proceskosten. Daarbij wordt genoemd dat er in de periode januari-november 2013 nog een rekening te verwachten is.

De hear **Crossen** wol de loftrompet útstekke foar dit plan. Dit plan is út need berne, seit er, want yn 2004 is yn Barradiel I de saak ûnderstrûpt. It die blikken dat it Oranjewoud-plan net genôch wie. We moasten in robüst plan ha dêr't we jierren mei foarút kinne. Dat is dit plan wurden. Hy wol alle hulde jaan aan de gebietskommisje ûnder lieding fan Hepke Bijma. It CDA is akkoart mei alle fiif punten. Foar de ynrjochting fan Tsjummearum en Easterbierum is de maatskiplike plus hiel geskikt.

De hear **Dijkstra** is bliid dat der einliks wat bart. We woene ôf fan winnen fan gas, mar benammen fan sâlt, ûnder ús grûn en hiene leaver it alternatyf fan boarjen ûnder it Waad, hoewol't dêr ek gevaren oan sitte. Der is in akkoart sletten mei de skeaferoarsakers. Wat de FNP dwers sit en sitten hat is dat troch de gemeente noch in soad jild opbrocht wurde moat. Frisia en Vermilion moatte de skea betelje en yn de eagen fan de FNP ek wat ekstra's jaan foar it gebiet. De FNP-fraksje fyt dat dat ûnfoldwaande bart, ek yn it plan dat foarleit. De gemeente draait op foar ekstra net foarsjoene skea as we net fierder sakje as de fêststelde grins. Hy wol graach hearre hoe't dat sit, want alle skea moat nammentlik fergoede wurde. De fertsjinste is foar it Ryk, Frisia en Vermilion dy't foar ekonomysk gewin omwrotte yn de grûn en wy sitte mei de brot. Sa is wetter in probleem dêr't op ferskate manieren nei sjoen wurdت. Minsken út it gebiet sizze dat it net ferbettere wurde kin. De technokraten stean in oplossing foar. De fraksje hopet dat de technokraten gelyk krije, mar hâldt noch twifel. De fraksje sil it ek net ha oer it wol of net ferheegjen fan wetter om de doarpen. We moatte wat dat oangiet fertrouwe op de saakkundigen. Yn it stik stiet dat Frisia de needsaak hat om sâlt ûnder de Waadsee te winnen. Dat is net sa, men kiest derfoar om yn in kwetsber gebiet sâlt ûnder de grûn of it wetter wei te heljen en dêrmei nimt men alle gefolgen dy't dat ha kin foar syn rekken. De FNP hat wol wat betingsten by dit plan, mar sjocht wol dat it eins net mear oars kin. Hy wol oproppen om de weardefolle ideeën fan de ynsprekker wol mei te nimmen foar de noardkant fan ús gemeente.

De hear **Spoelhof** merkt op dat er fan it begin ôf belutsen west hat by dit projekt. Deputearre Anita Andriesen silger hat har sterk makke om Noardwest-Fryslân op 'e kaart te setten en om de gefolgen fan it boarjen nei sâlt en gas sa goed mooglik te herstellen. Hy tinkt ek dat wy der wis fan wêze moatte dat dit it lêste gebietsplan is wat der sjoen de hiele situaasje mooglik is. Fan de federaasje fan Doarpsbelangen út hat er deroan meiwurke en it hat in lange wei west om alle partijen op ien line te krijen. De VVD-fraksje is wakker bliid mei dit plan, mar ek de manier wêrop't ús gemeentebestjoer derop ynhekket. It is de gelegenheid dat de trije doarpen aan de noardkant fan de gemeente, Seisbierrum, Easterbierrum en Tsjummearum/Furdgum in opknapbeurt krije. Hy tinkt dat we yn dat ljocht de 1,6 miljoen sjen moatte. Der is achterstallich ûnderhâld en der moat wat aan barre. De N393 wurdt ek neamd, mar dy is fan de provinsje en pas ein 2016 kin der wat aan dien wurde. Hy fynt it nuttich om de ynspraak fan de hear De Cock mei te nimmen yn it ferhaal. Alle ynstânsjes, ek de Doarpsbelangen, ha wol folop de gelegenheid hân om sjenswizen yn te tsjinjen. Der ha ynformaasjemiddeis west fan de stjoergroep en der binne taljochtings jûn troch it wetterskip en de tsjinst lanlik gebiet, DLG. Elk koe in sjenwize yntsjinje by it provinsjaal bestjoer en dêr is in reaksjenota op kommen, dy't fêststeld is troch it kolleezje fan Deputearre Steaten. As men noch in detaillearre ynfolling wol, dan kin der miskien noch oer praat wurde. De stjoergroep is wol op in soarchfâldige manier mei de sjenswizen omgongen. Frisia hat oant 2030 in konesje om sâlt yn dit gebiet te boarjen. Der is in mooglikheid om fan 2017 oant 2021 foar 50% it sâlt út it Waad te heljen en dan fan 2021 ôf foar 100% út it Waad. Der moatte noch wol prosedueres plakfine. Mocht dat mislearje, dan tinkt er dat wy it risiko rinne dat op it lân miskien de lokaasje Slappeterp wer yn byld komt.

De hear **Ouderkerken** seit dat it plan in protte jild opsmitten hat en dat der goede dingen mei dien wurde. Eins herstelle we wer de saak sa't dy wie. Mei dit jild wurdt it wat moaier makke as it miskien wie. It ekstra jild dat betelle wurdt troch Frisia en Vermilion sjocht er net mear as in plicht dy't men hat. Alle skea sil dan ek fergoede wurde moatte. Der is wetteroerlêst en de grûn sakket. De diiken wurde moaier, de wetterôffier wurdt better, der wurde fiskfivers makke ensfh. Wat dat oangiet kin er him oanslute by de FNP. Der moat jild fan ús by en hy is fan betinken dat dat eins net moatte soe. Wa't de skea makket moat dat ek sels oplosse. Blykber hat by de kommunikaasje fan de winsken yn de doarpen en de plannen sa't se no lizze miskien hjir en dêr in kink yn de kabel west. It soe goed wêze as se nochris meiñoar om tafel sitten gean, fynt de fraksje. Fierder slút er him aan by de wurden fan de FNP.

De heer **Lap** is erg blij dat er nu een plan ligt voor de herinrichting van het noordelijk deel van onze gemeente, waar al zo lang over gesproken is en waar al zo lang geleden wordt door de effecten van de gas- en zoutwinning. Hij wil nog aan een aantal punten refereren. Wie gaat hier de regie voeren? Door Gedeputeerde Staten is een bestuurscommissie aangesteld. Van onze gemeente zal daar iemand in gaan plaatsnemen, hij neemt aan iemand uit het college. Wie is dat en wat zijn de bevoegdheden van de vertegenwoordigers in deze commissie? Het heeft veel tijd en moeite genomen om tot een akkoord te komen met de schadeveroorzakers. Ook dit soort processen blijven flexibel. Er moet gedacht worden om een aantal punten die met elkaar kunnen conflicteren. Inzichten veranderen over de tijd. Dit plan reikt tot 2021 en in de tussenliggende periode zullen er ook verschillen in inzichten plaatsvinden. Bij de bestuurscommissie moet onze stem gehoord worden, ook over het inrichten van de wegen en de agrarische belangen in het gebied. Over het aantal centimeters en hoeveel de schadeveroorzaker moet betalen kunnen we lang discussiëren. Het blijft een arbitrair punt. Hij begrijpt het punt van de heer Dijkstra, maar hij vermoedt dat daar weinig eer te behalen valt gezien de lange onderhandelingen met de schadeveroorzakers. Hij wil onze vertegenwoordiger in de commissie toch graag meegeven dat dit een belangrijk punt blijft. Er zal toch schade ontstaan. Hoe groot die schade is door het aantal centimeters zakken kunnen we nu nog niet voorspellen. Hij is nieuwsgierig wat de risico's op het gebied van de btw kunnen inhouden. Onze algemene reserve krijgt hierdoor een tik. Hij zou graag willen weten hoe het college daarover denkt. Komen we daardoor niet in de problemen met andere instellingen?

De heer **Stelma** merkt op dat bodemdaling automatisch optreedt. Wij zijn als Hollanders en Friezen intensief met ons land bezig en daardoor daalt de grond sowieso. Met de mijnbouw in onze contreien is dit proces van bodemdaling zeer sterk versneld. Het zou zeer onrechtvaardig zijn als er geen compensatie zou plaatsvinden aan degenen die hier onder lijden van degenen die eraan verdienen. Dat zijn Frisia en Vermilion en ook de staat. Het is jammer dat de staat niet meebetaalt,

maar dat de gemeente dat moet doen. Er is de afgelopen jaren een goed plan gemaakt met interessante contracten. Doornemend komt de ChristenUnie-fractie niet met amendementen hierop. De fractie heeft niet automatisch middels de voorjaarsnota ingestemd. Bij deze wil de fractie wel haar hartelijke ondersteuning geven. Hoe past dit integraal in de begroting, gezien de plundering van de reserves? De btw op arbeidskosten voor werken aan huis en tuin is in 2013 tijdelijk verlaagd naar 6%. Kan hier ook gebruik van worden gemaakt bij de uitwerking van deze plannen? Of komen de gelden pas in 2014 en later ter beschikking?

De heer **De Bok** merkt op dat we met dit plan eindelijk kunnen vernieuwen en een eind maken aan de schade die geleden is. Het is al door verschillende sprekers gezegd dat Frisia en Vermilion ons dit leed hebben toegebracht. Dat is ook zo, maar we leven in een tijd dat werk broodnodig is en dit een impuls aan de economie kan zijn. Er wordt bijna 50 miljoen geïnvesteerd in goede dingen. Dat betekent werkgelegenheid. De PvdA vindt dat men als de weerga aan het werk moet gaan.

Wethâlder **Twerda** merkt op dat de fraksjes positief binne oer it plan. We ha jierren trochbrocht om sa fier te kommen. Trije jier lyn ha we dit plan eins al goedkard. Doe kaam de reaksjenota en doe kaam in kink yn de kabel, want it die blikken dat Frisia in fergunning hie dy't 1 july 2013 ophold wylst se noch lang net op de 30 sm sieten. Doe hat it proses oardel jier stillein. Doe't der dûdlikheid wie oer de fergunning fan Frisia foar Tsjummearum koenen we it wer oppakke. Der hat doe in hiele striid west oer wat der barre soe yn Slappeterp. De gedachte fan Frisia wie om foar in tredde troch te gean op de fêste wâl, benammen Slappeterp en foar twa tredde nei it Waad. We ha doe meiinoar ôftwongen dat de fêste wâl nei 2020 dien wie. Se ha echt ôfskie nommen fan de fêste wâl yn 2020. De boaiemdelgong yn Tsjummearum is maksimaal 30 sintimeter, hat de minister sein en dat is ek yn it kontrakt mei Frisia fêstlein. As se der net yn slagje suksesfol te wêzen op it Waad, dan komt Slappeterp net mear yn byld. Dan kinne se allinnich noch sâlt oanfiere litte om hjir te ferwerkjen. Dan in reaksje op de ynbring fan de hear De Cock. Hy hat de reaksjenota derop neisjoen en dit plan hat yn de ynspraak west. Der binne gjin sjochwizen yntsjinne troch de Doarpsbelangen dy't de hear De Cock hjir fertsjintwurdiget. Der hat wol in sjochwize west fan Doarpsbelang Tsjummearum, mar die gie net oer dizze saken.

De hear De Cock seit dat er noch mar krekt yn Doarpsbelang sit, mar it kin net fan persoanen ôfhinklik wêze wat de reaksje fan in Doarpsbelang is. Dan oer de ferbreding fan de diken. Ien fan de diken giet fan trije nei fiif meter en de oare giet fan fjouwer nei fiif meter. De dyk wurdt dus net mei fjouwer meter ferbrede. Dat wol net sizze dat de bermen net breder wurde en dat der gjin fearten breder wurde. De Hoarnestreek is ek fiif meter breed. Dit sit yn de plannen om de doarpen te ûntlêsten fan it grut lânboferkear, op fersyk fan de streek. Dit plan regelet net it wol of net oanwêzich wêzen fan bio-yndustry. Dat wurdt regele yn it bestemmingsplan. In tal riedsleden sizze dat we 1,6 miljoen ekstra jaan moatte. We krije der lykwols ek wat foar werom. De skea wurdt hersteld troch Frisia en Vermilion. De 1,6 miljoen is foar saken dêr't we sels oan hechtsje, bygelyks de Kapellewei en de Ottemaleane foar ús lânbou. De 1,8 miljoen dy't we deryn stekke leveret ús wol 5,4 miljoen op foar ús doarpen. Yn dit oarspronklike plan sitte ek de rekonstruksjes fan Rie en Doanjum, dy't al útfierd binne. Alle bedragen dy't yn it plan stean binne ynklusyf btw. Noch net sa lang lyn waard sein dat it btw-kompensaasjefûns opheven wurde soe. Om dat soart redenen stiet it der yn. As de btw fan 21 nei 23% giet kostet it wol twa persint mear. De proseskosten bliuwe by ús ûnder de 10.000 euro. De skea wurdt hjir regele, mar der stiet ek yn de kontrakten mei Frisia as aanst blykt dat der oanfoljende maatregels nedich binne, wurdt der yn de bestjoerskommisje oer praat hoe't we dat wer herstelle. Der sit in 5%-regeling yn. As we oer de 5% boaiemdelgong hinne gean, en dat gean we no blykker mei de gaswinning, dan betsjut dat dat der oanfoljende maatregels komme moatte as der ekstra skea is, dy't troch Vermilion betelle wurde moatte. Dat jildt ek foar Frisia. By Frisia is er der wat gerêster op, omdat hjir it absolute minimum fan 30 sintimeter yn de kontrakten en yn de wetjouwing stiet. By sâlt komt in neidelgong eins hast net foar. Yn Seisbierrum meie se no oant 35 sintimeter. Dêr stagnearret it op 33,5. Hy ferwachtet net dat it yn Tsjummearum oer de 30 sm hinne gean sil. Frisia fielt de needsaak om ûnder it Waad te boarjen, mar foar ús hoegde it net. It is net yn ús belang, mar we ha wol striden tsjin sâltwinning op de fêste wâl. We sille se no net dwers sitte no't se nei it Waad gean. De algemiene reserve komt no ûnder de tsien miljoen. Yn de nota reserves en foarsjennings ha we lêst ôfpraat hoe't we dêrmei omgean sille. As we dit jier wat oerhâlde, wat de wethâlder net ferwachtet, dan sille we earst wol de reserves oansterkje moatte. De hear Lap hat frege wa't aanst

de rezjy fierst by de bestjoerskommisje. It kolleezje hat der noch net oer praat wa't der út namme fan de gemeente yn sit. Hy tinkt dat it ferstannich is om der wat kontinuïteit yn te hâlden.

De **voorzitter** geeft de raad nu de gelegenheid voor de tweede termijn.

De heer **Kamstra** vindt de beantwoording van de wethouder voldoende. Hij heeft meerdere fracties gehoord over de opmerkingen van de inspreker de heer De Cock. Hij spreekt toch namens een behoorlijk deel van het gebied. De voormalige fractievoorzitter van de FNP, de heer Van der Meij, heeft destijds opgemerkt op dat Gemeentebelang niet verder keek dan de geluidswal van de A31. Dat was in de kwestie met de zoutwinning. De heer Kuperus, destijds van de Gemeentebelang-fractie, heeft toen wel in de Mienskar in Oosterbierum het initiatief genomen om een motie te maken tegen de zoutwinning. Er wordt gezegd dat de heer De Cock laat is en geen gebruik gemaakt heeft van de zienswijzen. Je mag echter mensen en groepen niet kwalijk nemen om voortschrijdend inzicht te hebben. De planperiode duurt tot 2020. Hij vindt dat het college best kan toezeigen dat men altijd in gesprek blijft met deze groep, dus de getroffenen in het gebied. Daar waar kansen zijn om het beter of nog beter op te pakken, moet je dat doen. Er moet oog zijn voor de Kapellewei, de ontsluiting van de bedrijven en de vrachtwagens die daar rijden. Bij andere zaken die zich nog voordoen en waar de mogelijkheid er is, moet het college met deze groep in gesprek blijven en dat doorzenden naar de bestuurscommissie.

De heer **Dijkstra** is ek tefreden mei it antwurd fan de wethâlder. Ek de FNP sjocht de ympuls foar it gebiet. Sjoen wat der sein is oer it jild en wat de wurkgroep alle gear dien hat, wol de fraksje ek graach jild út de sparpot helje om it gebiet in dikke ympuls te jaan. De fraksje wol in berop dwaan op de morele plicht fan de bedriuwen, mar wol der net dwers foar lizzen gean. Frisia kin yndie ek sâlt út oare oarden helje, men hoech hjir of ûnder it Waad gjin sâlt te winnen. Hy is der wiis mei dat de heer Kamstra dochs wol tinkt oan de doarpen oan de noardkant fan de stêd. Der wurde noch genôch plannen makke yn it gebiet dêr't de weardefolle oanfollings fan de heer De Cock yn meinommen wurde kinne. Hy tinkt dat der wat dat oangiet in tasizzing komme moat fan it kolleezje.

De heer **Lap** merkt op dat de verkiezingsstijd blijkbaar al is losgebarsten. Bij zulke langdurige processen is het belangrijk dat we ons houden aan de regels. Maar er kan ook sprake zijn van voortschrijdend inzicht.

Hij weet zeker dat gedurende de uitvoering van het proces er zeker weer een aantal zaken op ons pad komen. D66 vindt dat het college wel de aangedragen zaken van de inspreker mee in overweging moet nemen.

De heer **Stelma** merkt op dat hij een vraag gesteld heeft over het verlaagde btw-tarief. Hij vraagt zich af waar dat van toepassing zou kunnen zijn, misschien bij bedrijfsverplaatsingen. Er is maar beperkt geld voor bedrijfsverplaatsingen: maar voor drie. Misschien is er rekening gehouden met 21% btw. Dan zouden het met 6% meerdere kunnen zijn.

Wethâlder **Twerda** merkt op dat we aanst automatisch mei de doarpen yn petear komme, omdat we de maatskiplike plus útfiere moatte. Dat jildt dan foar alle noardlike doarpen, Easterbierrum, Tsjummearum en Seisbierrum. Dan hâldt it dêr ek net mei op, der sil wol breder oer praat wurde. De provinsje hat de gemeente frege om de maatskiplike plus selssstannich út te fieren en bûten it DLG-barren te hâlden. Wol moat de gemeente ferantwurding ôflizze oan de bestjoerskommisje. De gemeente hat dêr ja op sein. As de bestjoerskommisje aanst ta ynsjoch komt nei oanlieding fan petear dat eat oars útfierd wurde kin, dan sille we dat seker net litte. Saken dy't no yn it lege of it hege btw-taryf sitte kinne aanst by de útfiering troch wetswizing yn in oare kategory komme. Dan ha je dêr in risiko.

De heer **Stelma** bedoelt dat er in 2013 een verlaagd tarief is van 6%.

Wethâlder **Twerda** merkt op dat de maatregels yn it ramt fan ynfrastruktuer falle ûnder it 21% taryf. Hy wit net krekt hoe't it mei de btw op grûn by ruilferkaveling sit. Miskien sit der wol gjin btw op. Hy wol it wol útsykje.

De heer **Stelma** merkt op dat het van belang is voor de planning.

Wethâlder **Twerda** sil it útsykje. Stel dat de wetjouwer fynt dat 6% btw aanst 21% wurde moat, dan ha we wol in probleem. De kasritmeplanning hâldt rekken mei de situaasje fan 2014 en fierder.

De heer **Stelma** merkt op dat de planning geen rekening houdt met 6%.

Wethâlder **Twerda** tinkt dat it dan gjin 6% is. It wirdt útsocht.

De **voorzitter** concludeert dat de wethouder heeft toegezegd dat de btw-kwestie wordt uitgezocht. Hij constateert dat het voorstel met algemene stemmen wordt aangenomen.

## 10. Tunnel Alvestêdewyk te Franeker, realisatiebesluit en kredietverstreking

### Inspreker de heer Van den Burg

De heer **Van den Burg** zegt dat ongeveer vijf jaar geleden ten volle enthousiasme werd begonnen met het bouwen van huizen in de weilanden net ten zuiden van Franeker. De Alvestêdewyk, Plan Zuid ook wel genoemd, kwam uit de startblokken. De eerste bewoners kwamen en de projectgroep van de combinatie Franeker-Zuid CV en het Q-team draaien op volle toeren. Een buurtvereniging ziet het levenslicht, websites komen in de lucht inclusief een nieuwsbrief één keer per kwartaal. Toen werd het stil. Slechts af en toe werd er nog een huis gebouwd. Kopers, het Q-team, de buurtvereniging, allemaal houden ze het voor gezien. Er gloort weer even hoop als begin 2012 de gemeente en de Franeker-Zuid CV een informatieavond voor de bewoners houden over een aangepast plan voor de wijk. Maar hierna wordt het toch weer stil en het gras groeit maar door. Tot begin van dit jaar, de gemeente begint meer zaken naar zich toe te trekken. Bij de bewoners borrelt het ook en de eerste initiatieven kondigen zich aan. Het speelterrein wordt aangepakt en de groenstrook onderhouden. De Skûle en de MOP laten zich zien en horen. Naast de zomerpolder wordt er ook een brede wijkvertegenwoordiging uit de grond gestampt. Het gras groeit nog steeds, maar wordt nu voor het eerst overal in de wijk gemaaid. Nu is er de mogelijkheid dat de fiets- en voetgangerstunnel gerealiseerd kan worden. Deze tunnel gaat ervoor zorgen dat er een verkorte verbinding tussen de Alvestêdewyk en het centrum van Franeker ontstaat en dat er voor de kinderen een veilige route naar school en de stad komt. Dat de Alvestêdewyk ook voor bewoners uit andere wijken beter bereikbaar wordt en aantrekkelijker om te bezoeken, doorheen te wandelen of te fietsen. Het zorgt ook voor een flinke impuls van het plan en dat de gemeente Franekeradeel laat zien dat ze vertrouwen heeft in de verdere ontwikkeling en realisatie van het plan. Dit zal ook buiten de gemeente opgemerkt worden. En dat de wijk niet meer Franeker Buitengesloten zal zijn, maar als Alvestêdewyk echt een wijk van de stad Franeker wordt. De wijkbewoners staan te popelen om samen met de gemeente en de CV de wijk verder vorm te geven en de leefbaarheid te verbeteren. Wanneer kunnen we aan de slag? De Alvestêdewikers zijn er klaar voor.

De **voorzitter** constateert dat er geen vragen zijn en dankt de heer Van den Burg voor zijn inbreng. Hij geeft de raad nu de gelegenheid voor de eerste termijn.

De heer **Lap** merkt op dat het van groot belang is dat de ontsluiting van Franeker-Zuid door deze tunnel gaat plaatsvinden. Hij kan zich voorstellen dat bewoners van de wijk zich buitengesloten hebben gevoeld, puur omdat er maar zo weinig mensen wonen in een gebied wat in het begin zo ambitieus is neergezet. De kansen liggen er nog steeds, maar we weten niet wanneer de markt weer gaat aantrekken. We hebben het over een budget van een kleine vijf miljoen euro, toch veel geld voor een dergelijk project. Hij vraagt zich af of dat geld op die manier gespendeerd moet worden. Als we kijken naar de kosten die we nu hebben geacordineerd voor het plan in het noordelijk deel van onze gemeente, vindt hij de zaak wat buiten proporties.

De heer **Cnossen** jout aan dat it CDA posityf is oer it foarstel. Frjentsjer-Súd wurdt hjirmei goed ûntsluten. De bewenners ha dit fertsinne, ek de takomstige. De hjoeddeistige bewenners binne de ambassadeurs fan dizze wyk. Mei dizze oplossing wurdt keazen foar in duorsume en feilige ferbining. De fraksje hat ek by de ynformaasjebijeenkomst west en dêr wie in soad belangstelling fan belutsenen. It kostet wol in soad, mar mei gemeentlike ynvestearring wurdt ek jild fan de provinsje en tredden útlokke. En wa wit falt de oanbesteging wat goedkeaper út. Bedriuwen sitte yn dizze tiid te springen om dit soart opdrachten. Miskien nimt de belangstelling foar de wyk hjirmei ek ta.

De heer **Dijkstra** merkt op dat de ynsprekker seit dat men wer de kâns hat om in wyk te wurden. De fytstunnel is dêr in ûnderdiel fan en net de rôding fan de wyk, fynt de FNP. It plan op himsels fynt de fraksje goed. It is in simpele en sobere útfiering. Hy soe it lykwols moaier fine as it binnenpaad gewoan trochrint oer de tunnel hinne en net allinnich ôfbûgt nei de ôfrit. In krusing mei it spoor, it is ek in djoere oplossing op dit momint. It giet om in lytse fiif miljoen dêr't we sels in protte aan betelje moatte. In feilige oergong is prima, is goed foar de stêd, foar de fytzers en de Súd CV. Is der ek aan tocht dat de CV der wat aan bydrage kin? De fraksje makket him grutte

soargen hoe't it aanst mei de wyk komt. Wurdt der wol ôfrekkene aan 'e ein fan it jier? Kinne we mei de behanneling net better wachtsje oant der wissichheid is oer de CV, want de risiko's rinne wol op mei dat we dit beslút nimme. Is der ek nei alternativen sjoen? In sierlike brêge soe in stik goedkeaper wêze kinne. Dan kinne we los mei de Kanaalsône, mar dan kinne we de miljoenen der op in oare manier ynsette.

De hear **Spoelhof** is bliid dat der nei in lange tiid fan ûnderhannelings en warkjen úteinlik in beslút nommen wurde kin om de wykbewenners it gefoel te jaan dat se der ek by hearre. De ferkearsfeilijens is hiel belangryk. We ha fannewike kundskip nimme kinnen fan de ûntwerperteekeningen en it blykt sa te wêzen dat de hellings troch elke amateurinnger wol nommen wurde kinne. De VVD-fraksje giet graach akkoart mei it foarstel.

Wethouder **Bekkema** merkt op dat de gemeente vanaf 2013 voor een groot deel maaien, onderhoud e.d. heeft overgenomen van de Franeker-Zuid CV. Er wordt nu fatsoenlijk onderhoud gepleegd in de wijk en er is alles geprobeerd te doen om de wijk op te stuwen in de vaart der volkeren. Er is een zomerpolder aangelegd in samenwerking met het Wetterskip. Deze tunnel is een realisatie van datgene wat beloofd is bij de initiële ontwerpen van deze wijk. Daar werd gesproken over een essentiële verbinding tussen de wijk en de Franeker binnenstad. Deze tunnel zorgt ervoor dat de Alvestêdewyk de wijk wordt die het dichtst bij het centrum ligt. De wethouder reist met ambtenaren regelmatig op en neer naar ProRail in Zwolle en de heren Mulder komen met enige regelmaat hier om over dit project te praten. Uiteindelijk ligt de aanpak van deze tunnel vandaag ter tafel. Zoals de heer Lap zegt is het inderdaad een hoop geld. Hij heeft in de wandelgangen begrepen dat de fractie van PvdA heeft gegoogeld op tunnels en dat dit een marktconforme prijs is. Het is een dure tunnel, maar daar krijgen we ook wat voor. Afgelopen maandag is een open huis gehouden en daar heeft het college alleen maar positieve reacties gehad. De tunnel is een noodzakelijke verbinding. De hear Dijkstra hat it ek oer in djoere oplossing en freget oft it kolleezje sjoen hat nei alternativen. Earst waard ynset op in kruising op gelikense hichte. Dy is in stik goedkeaper, mar dat is troch de minister fan Ferkear en Wettersteat blokkearre. It kolleezje hat ek sjoen nei in brêge der oerhinne, mar wolle je mei in bernewein ensfh. oer de brêge, dan moatte je in grutte oanloop nimme en it wurdt likegoed in djoere konstruksje. Dit wie yn feite it iennichste dat mooglik wie. De FNP freget ek nei de bydrage fan de CV. De fiif ton dy't sy bydroegen ha stiet al op de bank. It is in fantastysk projekt en it kolleezje is bliid dat sa't it no liket de meerderheid fan de rie dermei akkoart giet.

De heer **Stelma** vindt dit een goed plan met een mooie doelmatige aanpak. Het is niet de goedkoopste tunnel, want die zou haaks staan op het spoor. Dat is lelijk en niet in lijn met het binnenpad. ChristenUnie vindt de kosten vrij laag, zeker wat wij ervan moeten betalen.

Slechts voor 10% van de prijs koopt deze gemeente een ontsluitingsroute voor ecologisch verantwoord verkeer naar Franeker-Zuid. Bovendien denkt hij dat de tunnel een stuk duurder zou uitpakken als we gingen bouwen in hoogconjunctuur. Het lijkt hem een risico om te wachten tot er geen risico meer is.

De **voorzitter** constateert dat het voorstel met algemene stemmen wordt aangenomen. Hij bedankt namens de raad de mensen op de publieke tribune voor het applaus.

## 11. **Nota Beleid Wet Maatschappelijke Ondersteuning 2013-2016**

De heer **Wijkhuijs** merkt op dat deze nota hoofdzakelijk beschrijvend en inventariserend is vanwege het uitblijven van de aangekondigde Rijkswetgeving. In deze nota worden mantelzorg en vrijwilligerswerk belangrijk in de toekomstige uitvoering van het beleid voor mensen die nu gebruik maken van WMO-voorzieningen en de AWBZ. Dichtbij huis is één van de kernbegrippen voor toekomstige oplossingen en dat is een kernbegrip dat het CDA in dit kader onderschrijft. Instanties die daar actief zijn, moeten volgens het CDA positie krijgen bij de nadere invulling van deze beleidskaders. Te denken valt wellicht aan De Skûle, buurt- en wijkwerk, dorpsverenigingen etc. De raad zal nog vaak gehoord worden bij de bijstellingen van dit beleidsplan. Daarbij zal het CDA toeziен op de betrokkenheid van de genoemde organisaties.

De hear **Veenstra** merkt op dat de nota der goed útsjocht. De fraksje fan Gemeentebelang kin him hjir hielendal yn fine en hopet dat Den Haach net te folle wizigings op it programma hat.

De hear **De Haan** jout oan dat de FNP ynstimme kin mei dizze ynventarisasje, mar der net fuort te folle konklúzjes oan ferbine wol. Yn haadstik 3 wurdt ûnder 4.1 oanjûn dat de befolkingsopbouw

foar de groep fan 0 oant 20 jier mei 34% ôfnommen is. Neffens de fraksje moat it 23% wêze. By prestaasjefjild 1 wurdt oanjûn dat sport in belangrike rol spylje kin by it berikken fan de doelstellings en dat sport troch de gemeente befoardere en stipe wurde moat. De fraksje wol dat graach ûnderstreekje. De fraksje giet derfan út dat we meiïnoar net fierder it mes sette sille yn de sportfoarsjennings.

De heer **De Bok** merkt op dat de PvdA-fractie dit beschouwt als een soort interim-overgangsnota. Spreker is blij met de toevoeging die mede door de inbreng van zijn fractie tot stand is gekomen. Zonder vangnet geen springplank, met andere woorden het aangebracht accent op de sociale betrokkenheid. De fractie stemt daar met plezier mee in.

De hear **Ouderkerken** merkt op dat GrienLinks ek akkoart giet mei dit belied. De fraksje hat noch wol twa fragen. Yn haadstik 4.2 stiet dat húshâldlike help 1 help is aan minsken dy't sels de rezjy noch fiere kinne. By nûmer 2 is dat net it gefal. Betsjut dat no dat de 25% besuniging socht wurde sil by de helpfragers fan de earstneamde, of binne der oare mooglykheden? Dan hat er noch in opmerking oer prestaasjefjild 6. Under it kopke útfiering stiet: Om alle foarsjennings yn stân te hâlden en dat dizze noch te beteljen binne, wurdt der mear sjoen nei wat minsken dy't help freege sels bydrage kinne. Dizze w提醒z wurdt no al tapast en de fraksje kin it prinsipe, dat der frege wurdt nei minsken harren mooglykheid om in finansjele bydrage te jaan, ûndeskriuwe. Is dizze ynsteek lykwols wol út te fierien? Hat de gemeente de wetlike mooglykheden om dit ôf te twingen? Yn dit soart saken is der sprake fan in sekere manier fan willekeur. Minsken dy't iepen binne oer har eigen finansjele mooglykheden moatte har eigen foarsjenning, lykas in rolstoel, betelje. Foar de minsken dy't dat net dogge jout de mienskip in bydrage oan. De fraksje fynt it in rare regeling dêr't de gemeenten mei opsadele binne. Hoe folle jild moat der yn de sparpot sitte om yn oanmerking te kommen foar in rolstoel? GrienLinks is der gjin foarstanner fan dat de oerheid efter de doar sjocht, mar je moatte de útfierders fan it belied it wol wetlik mooglik meitsje om harren taak út te fierien. Hoe giet de tsjinst hjirmei om?

De hear **Spoelhof** jout oan dat de VVD-fraksje him hiel goed fine kin yn dizze nota. It giet oer de perioade 2013-2016. De fraksje ferliket it mei de nota dy't we krekt hân ha fan de sosjale tsjinst, mei oare wurden dat it in soart tuskenfaze is. We moatte noch wol witte hoe't it komt mei de partisipaasje en alle ferskillende trânsysjes. De praktyske ynfolging is noch net definityf. De fraksje fynt dizze nota wol in dûdlike oanset om der in beliedsstik fan te meitsjen.

Wethouder **Osinga** merkt op dat het college geprobeerd heeft de opmerkingen die gemaakt zijn in de commissievergadering zo goed mogelijk te verwerken in deze nota. De heer De Bok noemt het een interim-nota en de heer Spoelhof zegt dat de praktische invulling nog moet komen. Beide dingen kloppen. Dit is niet af, maar een aanzet. De transities moeten nog komen. Dichtbij huis, zegt het CDA en dat klopt. In de vorige vergadering hebben we het ook over De Skûle gehad. De Skûle is één van de instituten, want er zijn meer instituten, instellingen en stichtingen in Franekeradeel die op dit gebied actief zijn en die zullen daar ook bij betrokken worden.

Daar worden ook de instellingen bij betrokken in het kader van de burgerparticipatie. Dat stond wel in de nota van de schets van de Sociale Dienst vermeld, maar dat hoort hier ook bij. Wij tuigen geen WMO-adviesraad meer op voor deze korte periode, maar nemen het in één keer mee in het nieuwe beleid. Wat er uit Den Haag komt is inderdaad ongewis. Het percentage van de bevolkingsopbouw zal ze narekenen. De GGD heeft een inventarisatie gemaakt van hoe onze jeugd presteert op het gebied van sport. Bij sport staat bij ons een sterretje, dat betekent dat er een afwijking is. In Franekeradeel zijn meer kinderen tot 18/19 jaar lid van sportverenigingen dan het gemiddelde in Fryslân, dus dat is positief. Dit stuk komt nog terug bij de raad. Formeel stellen we het vast voor vier jaar, maar als er wijzigingen zijn dan stellen we het bij. Het antwoord op de vragen van de heer Ouderkerken zit eigenlijk in wat de heer De Bok en de heer Spoelhof gezegd hebben. Dit is inventariseren. Hoe gaat de dienst hiermee om? Dat is beleid dat ontwikkeld gaat worden. Ze heeft het er vannorgen over gehad bij de dienst, het heeft de aandacht.

De **voorzitter** constateert dat het voorstel met unanieme stemmen wordt vastgesteld.

## 12. Het in procedure brengen van de aanvraag voor een omgevingsvergunning voor het afbreken van twee pluimveestallen en het oprichten van één pluimveestal aan de Hoarnestreek 10-14 in Tzummarum

De hear **Ouderkerken** merkt op dat it útwreidzjen fan in pikestâl bûten it boufak hjir tastien is troch de provinsje. Ien fan de arguminten dy't brûkt is troch de provinsje is dat de duorsumens tanimt. De strontfergêsterkapasiteit wurdt grutter en it tal hinnen nimt mei 7.200 ôf op in tal fan 46.000. Nimt de ammoniakreduksje ek mei 25% ôf of is dat no net oan 'e oarder? Omdat it boufak hjirmei nochris flink grutter wurdt freget GrienLinks him ôf oft dit ek as argumint en foarbyld brûkt wurde kin foar oare boeren dy't útwreidzje wolle. Yn hoefer binne de fêststelde boufakken dy't troch de rie fêststeld binne noch maatjouwend foar bedriuwen? Of ha dizze oanwizings gjin funksje mear? GrienLinks bliwt muote hâlden mei dizze stâl en is fan betinken dat it tal hinnen de fjouwerkante meter noch mear omleech moat.

Wethâlder **Twerda** seit dat de reaksje fan de provinsje posityf wie omdat it milieu-effekt ferbetteret sùnder dat direkt it oerflak tanimt. Dit is in pikestâl mei fiif hektare, in ekstreem grutte. Dat is wol sa'n bytsje de limyt dy't we ha. As it tal hinnen ôfnimt, dan nimt de ammoniakreduksje ôf. It giet om 7.200 hinnen minder.

De hear **Stelma** vraagt onder welke voorwaarden de hear Ouderkerken wel in kan stemmen met dit plan.

De hear **Ouderkerken** jout aan dat er ynstimming jaan soe mei dit plan by in lytsere maat. Net in stâl fan hûndert meter, mar bygelyks 75 meter soe better wêze.

De **voorzitter** constateert dat het voorstel zonder hoofdelijke stemming wordt vastgesteld.

### **13. Het in procedure brengen van de aanvraag voor een omgevingsvergunning voor het bouwen van eenloods ten behoeve van stalling machines en huisvesting schapen aan de Kleasterwei 7 in Tzummarum**

De hear **Ouderkerken** merkt op dat yn it stik oan de iene kant sein wurdt dat de skiep gjin goed ûnderkommen ha en dat der dêrom tûkelteammen binne op it mêd fan bistewolwêzen. Oan de oare kant is der wol by it folle ferstân soarge dat der 630 skiep binne. Dat kin er net goed pleatse. Hy fielt him by soksoart oanfragen foar it blok setten. Benammen omdat yn haadstik 2.2 oanjûn wurdt dat it hjir eins giet om in ekonomyske reden. Dêr is neat mis mei, mar neam wol yn it foarste plak it haadmotyf. Yn elke oanfraach wurdt oandacht jûn oan de oanklaaiïng fan de loadsen en gebouwen en oan de ôffier fan it wetter. Is dit in binend of in frijbliuwend advys? Is der ek tafersjoch op de útfiering en tapassing fan sa'n advys?

Wethâlder **Twerda** jout aan dat de Kleasterwei romtlik al goed ynpast is. Hy wol wol even neifreege oft der noch ekstra maatregels frege wurde. Je hearre oan de wetlike ferplichtings oangeande ôfwettering te foldwaan. Dat binne de rjochtslijnen dy't it Wetterskip opstelt.

De hear **Ouderkerken** wol noch witte oft de advizen binend binne.

Wethâlder **Twerda** seit dat de wetterôffier en de oanklaaiïng betingsten binne. Hy wol noch wol útsykje hoe't it yn dit gefal regele is. Der wurdt wol hieltyd mear kontrolearrre op lânskiplike ynklaaïng.

De **voorzitter** constateert dat het voorstel zonder hoofdelijke stemming wordt vastgesteld.

### **14. Het vaststellen van de 44<sup>e</sup> t/m 54<sup>e</sup> begrotingswijziging 2013 en de 55<sup>e</sup> voor kennisgeving aannemen**

De **voorzitter** constateert dat de begrotingswijzigingen zonder discussie of hoofdelijke stemming worden vastgesteld.

### **15. Rondvraag**

De hear **De Haan** merkt op dat de FNP-fraksje mear as in jier lyn frege hat om in oersjoch fan de kosten oer de Esso-lokaasje. De grûn is no oplevere. Wanneer kinne we it oersjoch ferwachtsje? Wethâlder **Bekkema** jout aan dat it kolleezje op de lokaasje mei in pear tsjinslaggen te krijen hân hat op it mêd fan fersmoarging. Dêr is no úteinlik in oplossing foar kaam. Der wurdt no heid en de rekken kin opmakke wurde. Hy kin no al sizze dat dy posityf is.

De hear **Spoelhof** wol witte oft der al mear bekend is oer de takomstfisy oangeande de Koornbeurs.

Wethâlder **Twerda** jout aan dat it kolleezje nei de simmerfakânsje in petear ha sil mei it bestjoer fan de Koornbeurs. It fuortgean fan de direkteur hat it kolleezje ek ferrast. It liket him goed om ris

nei te tinken oer watfoar Koornbeurs we foar de takomst ha wolle. Is dat allinnich in teater, hat it ek oare funksjes en wat oerhearsket dan? Dan giet it kolleezje mei de rie yn petear oer de takomstfisy.

16. **Sluiting**

De **voorzitter** sluit om 23.00 uur de vergadering. Morgen is de jaarlijkse raadsexcursie.

Vastgesteld in de openbare vergadering van 5 september 2013.

Voorzitter,

Griffier,